



DE GOUDEN ADONIS - Fries

(De Gouden Adonis)

Klucht yn fjouwer bedriuwen

fan

Hub Fober

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE GOUDEN ADONIS – FRIES** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties, Facebook en eventuele andere publicaties de volledige titel(s) en naam van de oorspronkelijke auteur: **Hub Fober** en vertaler **Gurbe Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U kunt gebruik maken van de aanvraag module op www.ibva.nl. Gebruik hiervoor uw aanvraag code (tevens bewijs van aankoop tekstboekjes bij uitgever), of via de mail/aanvraagkaart. Bij vragen kunt u informeren bij I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U kunt gebruik maken van de aanvraag module op www.ibva.nl of via de mail/aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% boete worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% boete verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

TESSA, handige pensjonhâldster mei in fijne noas foar it ûnderste út de kanne

CORIEN, har suster, dy't altyd oan har side stiet

IMKE, ljocht hier, ferpleechster dy't nergens erch yn hat

BO, swart hier, ferpleechster, hat ek nergens erch yn

MARLEEN, mem fan Imke, swier erchtinkend

FRANCES, mem fan Bo, sit op deselde golflingte

AGAATH, help yn de húshâlding en in folle nicht fan in skyldpod

GRYT, gnuvende oerbuorfrou, alias lienfrou

ANTON, kontroleur, komt foar hiel wat riedsels te stean

8 froulju en 1 man.

DEKOR:

Linker side foaroan in doar, yn de tekst oanjûn mei doar C. Yn de rjochter side twa doarren, de foarste wurdt yn de tekst oanjûn mei doar A, de achterste mei doar B. Beide doarren meie wol stiif oan neist elkoar. Midden yn de achtermuorre is in iepen trochgong, linksôf is nei de foardoar en rjochtsôf nei alle oare fertrekken. Daliks links fan dizze trochgong is in baly dy't ien of twa meter nei foaren stiet. By genôch romte mei de baly ek wol in L foarm ha. Links fan de baly stiet in sekretêre mei wat mappen derop. Achter de baly is in rekje mei kaaien. Foar de sekretêre in tafel mei trije stuollen. Rjochts foar op it toaniel is in sithoekje. Tsjin de achtermuorre is ek noch in tichte kast mei in boppestik en twa doarren. Dêr wurdt deistich itensguod ensafuorthinne yn bewarre. It iepen ûnderstik is foar koffers en de tassen. Kontroleur Anton moat wol gau es notysjes meitsje, dêr brûkt er in kastke foar, deselde kastkes dy't de meteropnimmers eartiids ek brûkten. Yn de tekst wurdt brûkt: kastke iepen, kastke ticht.

EARSTE BEDRIUW

(Corien stiet achter de baly en skriuwt wat op)

TESSA: *(midden op)* Sis, wat tinkst Corien, sille wy de foardoar mar tichtmitselje litte?

CORIEN: De foardoar? Wêr is **dat** goed foar?

TESSA: Mins, elkenien komt hjir doch achterom! Earst wie 't allinne mar dy haaibaai fan in Gryt, mar no is it mei Anton al krekt itselde. En alles mar brutaal troch de keuken.

CORIEN: Ha ik 'm sels foarsteld. Agaath krijt der wat fan at se hieltyd nei de foardoar moat foar Anton.

TESSA: En do jitst him ek noch fol drank. As soe't net op kinne.

CORIEN: Tinkst faaks dat oaren dat net dogge?

TESSA: Watfoar oaren?

CORIEN: Dêr't er ek yn en út rint! Hy is doch de kontroleur fan de Gouden Adonis.

TESSA: Oh sa, mar sis wat stelt dat gedoch no eins foar?

CORIEN: Witsto wol wêrom at der hjir yn dit doarp safolle pensjonnen binne, Tessa?

TESSA: Fansels, omdat it sikehûs hieltyd mear personiel lûkt.

CORIEN: Krekt, en dêr ha wy allegear in goed bestean troch krigen. En om dat sa te hâlden hat de gemeente tasein dat der noait in grut hûs foar al dat personiel boud wurde sil.

TESSA: Okee. Mar dy Adonis, wat moatte se dêr no mei?

CORIEN: Harkje, gjin grut hûs seit de gemeente, mar dan moat elk pensjon it wol goed foarelkoar ha en moatte de wetlike regels neileefd wurde.

TESSA: Ik begryp it al. Dy wedstriid ha se organisearre om de kwaliteit fan de pensjonnen te stimulearjen.

CORIEN: Krekt! En it pensjon dat as bêste út de bus komt, wint de Gouden Adonis.

TESSA: Ja, ja, ik begryp it. Mar eh, dy Gouden... *(Anton op, en deklamearret, offisjeel)*

ANTON: *(op, deklamearret)* Hjir is Anton Lonis fan de gouden Adonis! Jim witte witte wat jim lean is, at alles hjir sûkerskjin is! *(dan op gewoane toan, as in ferplicht nûmer)* Mar wol neffens de wetlike regels fansels.

TESSA: Ha dy Anton!

CORIEN: *(al yn aksje)* Wacht, ik pak de flesse alfêst. *(pakt de flesse)*

ANTON: *(hellet in romer út de bûse, set dy op de baly, rint troch nei B en kloppet)* Kontrôle fan de Gouden Adonis!

CORIEN: *(skinkt buorrel yn)* Sjoch mar gewoan Anton, se is der net en dy oare dêrneist ek net.

ANTON: *(doar iepen, sjocht)* Ja, ja, sa wol ik it sjen, alles moai oan kant. *(nei A, doar iepen, sjocht)* Ja, ja, ik sjoch it al, dit binne allegear pluspunten! *(skriuwt op en nei C, giet yntusken by de baly lâns en wipt de romer achteroer)* En hjir sil ek alles wol by it âlde wêze.

TESSA: Hoechst net te sjen Anton, dy is fanmoarn ôfreizge.

ANTON: Dy stiet leech? Goh, yn it doarp biede se goud foar sa'n keamer, ik hoech mar in heal wurd falle te litten dan...

CORIEN: *(skinkt wer yn)* Nee, Anton, net dwaan, ik ha al sa'n soad folk om 'e doar. At wy in oere fierder binne hat der al lang ien west. Allinne hoopje ik dat it dizze kear in trouw stel is.

ANTON: Logysk, it is in dûbele keamer.

TESSA: Mar eh Anton, wat ik noch freegje woe, dy Gouden Adonis is dy fan goud of is it gewoan plestik?

ANTON: Plestik? Tessa Verheul! De Gouden Adonis is de kreaste en de sjarmantste fint hjir út it doarp, en it pensjon dat wint, krijt him fergees in jier lang as help! Optsjinje, gasten begeliede, en sa mear.

TESSA: O sa. Mar Anton, oer dat en sa mear, kinst dêr ek wat mear oer sizze?

CORIEN: Moatst dy oerjierske klok no es toktokjen hearre! Mins, do bist al in ivichheid fan de lêch. Mar eh Anton, hast dyn gedachten der al es oer gean litten?

ANTON: Sorry, Corien, mar eh, wat bedoelst?

CORIEN: Do witst dat wy dit pensjon ferkeapje moatte omdat ik mei de senuwen sukkelje.

TESSA: En omdatsto sein hiest datst ynteresse hiest.

ANTON: Och ja, no wit ik it wer. Earlik sein, ik ha der sin oan, mar sa hielendal allinne. At ik no troud wie en de help fan in frou hie. Mar lit my der noch es oer neitinke.

CORIEN: En stel dat it trochgean soe Anton, dan soe it doch geweldich wêze atst in pensjon oernaamst dat de Gouden Adonis wûn hie.

ANTON: Dêr seist sawat Corien!

TESSA: En dat hast sels yn de hân, Anton! (*wiist*) Dat moaie potlead fan dy moat gewoan in pear puntsjes mear skriuwe!

ANTON: Oh nee, Tessa, dat kin net, it moat earlik bliuwe fansels.

CORIEN: (*skinkt buorrel yn*) Myn idee Anton, gjin omkeaperij. Nim noch mar in neut.

ANTON: Okee, fluch dan, de lêste. (*wipt de buorrel yn ien kear achteroer, romer yn de bûse*) Ik ha noch hiel wat foar de boech!

TESSA: (*mei him ôf*) Kom, ik gean mei, kinne wy noch even by it hinnehok del. Nimst mar wat farske aaien mei! (*at se ôf binne giet de bel. Agaath fan rjochts nei links, se is yn hanneljen, praten en rinnen it hiele stik troch o sa stadich en sleau*)

AGAATH: (*op*) Sil ik jo mar foargean?

IMKE: (*op mei koffer*) Dei mefrou. (*fûstket mei Corien*) Sil ik my even foarstelle, Imke, Imke van Ginkel.

CORIEN: Tige nei 't sin, Corien Verheul. (*Agaath ôf*)

IMKE: Fia, fia hearde dat hjir noch in keamer frij wie.

CORIEN: Dat kloppet, dy dêr. (*knikt nei C*) Wolle jo earst ek even sjen?

IMKE: Nee, dat hoecht net. Ik bin al lang bliid dat ik in dak boppe de holle ha!

CORIEN: Jo binne seker foar 't earst yn dit doarp?

IMKE: Oh nee, ik wurkje al jierren yn 't sikehûs. Mar it pensjon dêr't ik no sit wurdt op dit stuit ferboud.

CORIEN: Oh sa, mar eh, ik moat jo wol even ynskriuwe. (*skriuwblok*) Es even sjen, de namme wie Imke van Gin-kel, jo wurkje yn it si-ke-hûs. Geslacht... fr... En wannear wolle jo komme? (*stekt it formulier by har*)

IMKE: At it kin daliks.

CORIEN: (*wiist nei C*) De keamer stiet te wachtsjen.

IMKE: Ik ha altyd nachttsjinst en ik bin al oan de lette kant. At jo it goed fine set ik de koffer op de keamer, en gean daliks troch nei 't wurk, pak ik 'm moarnier wol út.

CORIEN: Wol ja, gean jo gong mar, ik soargje wol foar de koffer.

IMKE: Tige tank. Dan sil ik ús mem even belje om te sizzen dat ik hjir no bin.

CORIEN: Wat ik noch freegje woe. Hoe let komme jo moarns fan jo wurk?

IMKE: Healwei tsienen. En jûns fiif oere gean ik wer hinne.

CORIEN: Ja, krekt. Mar foar't ik it ferjit, hjir is de kaai fan de foardoar (*fan't rekje*) asjebleaf. En belje no earst jo mem mar even. (*mei koffer ôf yn C, dêrnei op en midden ôf*)

IMKE: (*oan de telefoan*) Hoi mem, mei my. Ik ha in keamer. Ja, ja, op it adres dat ik justerjûn trochjûn ha. Jo kinne moarn wol komme. Wol, dêr't ik sliep kinne jo ek sliepe. (*yntusken Agaath op om de keamer te dwaan*) Harkje no mem. Ik moat no nei 't wurk. Ja hear, ja ynoarder! Oant moarn! Dooch. (*hinget op en sjocht Agaath dy't de stofdoek hantearret en allinne mar each hat foar Imke*) Hallo.

AGAATH: (*knikt*) Dei mefrou.

IMKE: (*laitsjend midden ôf*) Noch altyd juffer hear en oft it oait mefrou wurdt falt te betwiveljen.

TESSA: (*midden op*) Agaath, dat treft! Harkje. Do witst dat wy Anton slokje hjir alle dagen oer de flier ha en dat fûn ik frjemd oer en doe ha ik him op de man ôf frege wat dit te betsjutten hie. En witst wat er sei?

AGAATH: Nee, mefrou, ik wie der ommers net by?

TESSA: Dat hy smoarfereale op **dy** wie, dat sei er.

AGAATH: Ja mefrou. Seker mefrou.

TESSA: Agaath, asjebleaf, wurd es wekker! Docht it dy dan neat?

AGAATH: Dat wit ik net mefrou.

TESSA: Bern, harkje, sa'n kâns krijst nooit wer! Do hoechst allinne mar in bytsje mei te wurkjen. Wat om him hinne draaie, es even mei him prate oer in nestke bouwe en de earrebarre en sa en at

it moat ek es in pear triennen der by. (*de bel giet*)

AGAATH: Ja mefrou, seker mefrou, mar der is ien by de foardoar!

TESSA: Ja, ja, doch mar iepen. (*Agaath of*)

AGAATH: (*op*) Sil ik mar foargean?

BO: (*op mei reistas*) Dei mefrou, ik bin hjir om te sjen oft der faaks ek in keamer frij is.

TESSA: Dan ha jo gelok, der is krekt ien frij kommen, (*knikt nei C*) dy dêr.

BO: Gelokkich! Ik tocht even dat ik **noait** slagje soe. (*nei C*) Dan pak ik daliks mar út en dan sliepe, ik bin stikken!

TESSA: Ja, ho, momintsje asjebleaft, ik sil jo earst ynskriuwe moatte. (*skriuwblok*) Namme?

BO: Bo, Bo Korenaar.

TESSA: Ko-ren-aar. Geslach... (*sjocht mei klam. Bo is it hiele stik wat manlik yn de klean*) Nei alle gedachten froulik. Berop?

BO: Ik wurkje yn it sikehûs, dat wol sizze, ik begjin moarn.

TESSA: (*stekt it formulier by har*) Krekt ja.

BO: Mar eh, wat ik freegje woe, ús mem wurket by in útstjoerburo en sil hjir anst ek oan it wurk. Soe se dan by my eh...

TESSA: Wol ja, dat is doch fansels. Sjoch, hjir is de kaai (*fan't rekje*) fan de foardoar.

BO: Tige tank. (*mei tas ôf*) Mar no wol ik doch earst sliepe, ik bin sa wurch as in maits.

TESSA: Dat sil wol ja. Moatte jo ek roppen wurde moarnier?

BO: (*tinkt nei*) Ik moat altyd om njoggen oere de doar út en dan bin ik der om healwei seizen wer. Mar roppe, nee lit mar, regelje ik sels wol. (*ôf*)

CORIEN: (*midden op*) Sis Tessa, hasto Agaath wiismakke dat Anton slokje sljocht op har is?

TESSA: Ja.

CORIEN: Ja sis, hoe moat dat no? Do witst doch ek wol dat Anton neat fan dat gedoch ha moat?

TESSA: Okee, hy hat wat tsjinslach hân, mar dat is al fiifentweintich jier lyn en dêr sil er sa stadichoan wol oerhinne wêze.

CORIEN: O ja? Wat wie dat doe mei Anton?

TESSA: Wat yn de fakânsje leau ik, mar freegje my net wat.

CORIEN: Goed, goed. Mar wat hat it no foar nut Agaath foar te ligen?

TESSA: Corien, wolle wy it pensjon oan Anton oerdwaan of net?

CORIEN: Ja fansels, leaver hjoed as moarn.

TESSA: Krekt. En Anton hie al lang ja sein at er troud west hie.

CORIEN: Ferhip, en at wy dy twa oan elkoar plakke.

TESSA: Sjochst no wol. Lit Tessa mar skowe!

CORIEN: Ja, ja, mar Agaath. Do witst wol, dy hat fan seks likefolle ferstân as in oaljefant fan kantklossen.

TESSA: Ja en? In mins is noait te âld om te learen.

CORIEN: (*wifelt*) Seker, no ja, litte we earst mar es ôfwachtsje. Mar eh, witst wol dat ik dy (*knikt nei C*) keamer...

ANTON:(*op, deklamearret*) Hjir is Anton Lonis fan de Gouden Adonis! Jim witte witte wat jim lean is, at alles hjir sûkerskjin is! (*dan wer gewoan*) Mar wol neffens de wetlike regels fansels. (*romer út de bûse en op de baly, Corien skinkt in buorrel yn*)

CORIEN: Mar Anton, do hast krekt noch west, hast dy fersind?

ANTON: Anton wit wol wat er docht! (*sjocht yn B, doar ticht*) De iene kear twa of trije kear achterelkoar (*sjocht yn A, doar ticht, kastke iepen, skriuwend nei de baly*) dan even lins en dêrnei: taslaan! (*drinkt buorrel yn ien kear op*) Dat is pas it echte kontrolearjen!

TESSA: Sis, Anton, do hiest it niis oer de Gouden Adonis, de kreaste fint fan it doarp seist, is it Henk van Dijk? Of Johnny Palsma? Of wachtsje, it sil doch net Erik de Wit wêze? Of is it soms Klaas Borderwijk, of Geart Mole...?

CORIEN: Moatst dy âld sleepboat es hearre. Do soest noch graach es fan wâl stekke wolle, mar it kompas is fan gychem. Do soest der better oan dwaan om foar Anton ien fan dy hammen te heljen dy't yn de keuken hingje. (*Tessa is al ûnderweis*)

ANTON: Net dat it perfoarst noadich is, mar eh... (*ropt Tessa nei*) Dy hielendal links yn de hoeke Tessa, dêr sit wat minder fet oan!

CORIEN: (*skinkt wer yn*) Kom Anton, do kinst noch wol ien tille net?

ANTON: Jawol hear! Mar wachtsje, ik moat noch al even yn C sjen! (*rekkt buorrel net mear oan*)

CORIEN: Dy is wer bewenne, amper nei datsto fuort wiest.

ANTON: Hie ek net oars ferwachte. Hast it ynskriuwformulier?

CORIEN: Fansels, hjir! Asjebleaft.

ANTON: (*skriuwt*) Aha, Imke van Ginkel, froulik, sikehûs.

CORIEN: (*yn tinzen*) In wyfke mei moai ljocht hier moat ik sizze. En eh, do meist wol even sjen, hear! Se is der doch net.

ANTON: (*doar iepen, sjocht*) Ik hoech mar even... (*draait him om*) Mar Corien, se is der wol! Se sliept!

CORIEN: Soe se dan wer... en ik tocht dat se...

ANTON: (*yn C ôf*) Kin ik ek even fan tichteby...

CORIEN: (*yn tinzen*) En se sei noch dat se nachttsjinst hie.

ANTON: (*werom*) Sis Corien, ljocht hier seist? Dan moatsto noadich oan de bril, want wat dêr leit hat swart hier, dat sjocht sels in bline mol noch.

CORIEN: (*ûngeduldich ôf yn C*) Unsin Anton, ik ha har doch sels... Manlju! (*ferbjistere wer op*) Oooohhhh. (*doar ticht*) Dit kin net... Dit is... (*stoot midden ôf*) Tessa!! Tessa!! Der is in wûnder gebeurde!

BO: (*op yn pyama*) Wat is hjir te rêden? Wa rint der no samar by my de keamer yn?

ANTON: Ja eh, nim my net kwea ôf juffer, mar witte jo, ik bin de kontroleur fan de Gouden Adonis! En eh... ja sjogge jo... jo soene eins ljocht hier ha moatte!

BO: Oh sorry dat ik net oan jo smaak foldoch! Ik kin 't ek net helpe dat ik ljocht hier ha.

ANTON: Ja, ja, dat sjoch ik, mar it moat eins al. It stiet hjir swart op wyt.

BO: O sa, dat is fansels wat oars. Mar it hoecht gjin beswier te wêzen. Dan lit ik it moarn ljocht fervje, want de papieren moatte fansels al klopje!

ANTON: Ja, at dat es koe.

BO: Fansels, lytse muoite. Mar eh, fine jo ek net dat jo gelok hân ha?

ANTON: Hoe woene jo sizze?

BO: (*lilk ôf*) Dat jo gewoan en sûnder keunstgrepen in ko wurden binne. En lit my no gewurde, ik wol sliepe!

ANTON: (*giet ergens stean mei in soad romte om him hinne*) Ik kin der ek neat oan dwaan, it stiet hjir!

BO: (*op, smyt in koffer nei bûten*) En dit ding is net fan my! (*ôf*)

ANTON: In koffer? (*sjocht yn de papieren*) Se sille de boel doch net belazere ha? (*yntusken is Agaath opkommen en draait, eagen op ûneinich, as in ferplicht nûmer, rûntsjes om Anton hinne. Anton sjocht ûnbehaachlik foar him út*)

TESSA: (*op mei in wetterpomptange en in ham. Fernuvere*) Agaath? Agaath! Bern, wat dochst nuver!

AGAATH: Ha jo ommers sels sein mefrou, om him hinne draaie.

TESSA: Asjebleaft Agaath! Toe, nei de keuken do! (*Agaath ôf*) Sjoch es Anton, hjir is de ham. (*leit dy op de baly*) Dat it dy mar smeitsje mei! En eh, tink noch es oan ús atst de siferkes op papier setst.

ANTON: (*soarchlik*) Stel dy dêr net tefolle fan foar, Tessa, yn dit pensjon doocht it net hielendal.

TESSA: Mar Anton, hjir is doch alles ynoarder?

ANTON: Oh ja? Sis do dan mar es wa't der op keamer C wennet!

TESSA: Och, dat is wier ek. In nije gast, in kreas wyfke mei swart hier, ik ha har sels ynskreaun. Sjoch hjir is it formulier.

ANTON: (*nimt papieren oan*) Swart hier seist. Ja sjoch, dat past al in stik better. Mar hoe kin Corien no... (*jout it formulier fan Corien oan Tessa*) Tessa, wy binne doch ferstannige minsken ûnder elkoar, lê's do no es wat dêr stiet!

TESSA: Imke van Ginkel, sikehûs. Ja en?

ANTON: Dy wennet hjir neffens Corien.

TESSA: Kin net Anton! Hjir is in frommeske mei swart hier ynlutsen!

ANTON: Wit ik. En doch seit Corien dat se ljocht hier hat!

TESSA: Dat mienst net! Sjochst no wol dat it heech tiid wurdt de saak oer te dwaan? Corien kin it net mear oan.

CORIEN: (*hastich op*) Tessa! Tes... oh einlings. Ik ha dy oeral socht! (*Tessa stekt it formulier fan Anton by har*)

TESSA: Ark helle. Op dy dêr (*knikt nei keamer B*) lekt de kraan.

CORIEN: Tessa, der is in wûnder gebeurd, echt wier. Ik ha dy keamer (*mikt op C*) niis krekt ferhierd oan in ljocht frommeske, mar doe't Anton derhinne gong om te sjen, wie se swart!

TESSA: (*delbêdzjend*) Ik wit it Corien, Anton sei it al. Mar asjebleaft, wyn dy net op asjebleaft, gean der mar even by sitten. (*triuwt har yn in stoel*) Do moatst oan dyn sûnens tinke! (*tsjin Anton*) Do kinst wol gean Anton, ik rêd it no allinne wol.

ANTON: (*ôf mei de ham*) Tsja, at it no in mankemint oan it sjassy wie, soe ik der nei sjen kinne, mar (*ticket tsjin de foarholle*) at it euvel yn de ferdielkap sit, bliuw ik der leaver ôf. Ik sjoch aanst noch wol even.

CORIEN: Sis, wat hie dit no eins te betsjutten? Wol dy Anton slokje soms bewearre dat der by my ien op 'e loop is?

TESSA: Dat kinst Anton doch net kwea ôf nimme Corien? Mins, hjoed-de-dei gebeure der doch gjin wûnders mear!

CORIEN: Kin wol wêze, mar ik bin der wis fan dat ik ien mei ljocht... en sjoch, sjoch no es, dêr stiet de koffer fan dat bern. Sjochst no wol? En sis my no mar es hoe't sa'n swartkop op dy keamer kommen is.

TESSA: Omdat ik har dy ferhierd ha.

CORIEN: (*wanhopich*) Mar dat kin doch net! Ik ha him oan dat minske mei ljocht hier ferhierd!

TESSA: En hoe koe ik dat no witte? Do hast neat sein!

CORIEN: O jee, en wat no?

TESSA: Dy fan my wurket yn it sikehûs.

CORIEN: Dy fan my ek! Se hat altyd nachtsjinst!

TESSA: Nee, dy fan my wurket oerdei!

CORIEN: Sjitte we nochal wat mei op.

TESSA: Nachtsjinst seist?!

CORIEN: Ja. Jûns om fiif oere fuort, moarns om healwei tsienen werom.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto